

Hânljeding by it skriuwen fan in koart projektplan, by oanfraach subsydzje FFNEL 2025

By it oanfreegjen fan subsydzje út de regeling Frysk foar no en letter freegje wy jo om in projektplan yn te tsjinjen. Konkreet freegje wy om in koarte ferantwurdiging fan wêrom't de subsydzje oanfrege wurdt, en hoe't dy bydrage sil oan it Frysk op jo lokaasje of skoalle. Hjirûnder fine jo de relevante fragen foar alle kategoryen, dêr't wy graach in taljochting op lêze.

Heakje in offerte of faktuer ta fan de aktiviteiten wêr't dat fan tapassing is. By Materiaal kinne jo ek screenshots taheakje fan de oan te skaffen materialen yn in digitaal winkelmantsje. As jo sels in kosteoersjoch meitsjen (bygelyks fan kulturele aktiviteiten), graach screenshots taheakje fan de tagongsprizen.

As der ynformaasje mist, betsjut dat dat wy de oanfraach noch net beoardiele kinne, en sille wy dy ynformaasje opfreegje. Sadree't wy dy ûntfongen hawwe nimme wy de oanfraach ynhâldlik yn behanneling, en ûntfange jo binnen 13 wiken ús beslissing.

Jo freegje oan foar **skoalling en oplieding** fan de regeling Frysk Foar no en Letter. It maksimale subsydzjebedrach foar dy kategory is € 5.000,-

Beskriuwing fan it team (maks. 100 wurden)	Hokker saakkundichheid oangeande it Frysk of meartaligens is al oanwêzich binnen jo team? Hoe sil de te folgjen oplieding of skoalling bydrage oan de saakkundichheid binnen jo team?
Fyzje op Frysk/meartaligens (maks. 150 wurden)	Wat is de fyzje op it Frysk/meartaligens binnen jo skoalle? Op hokker wize makket de skoalling/oplieding dêr't jo in oanfraach foar yntsjinje, ûnderdiel út fan dy fyzje?
Oanlieding en doel (maks. 100 wurden)	Wat is de oanlieding foar jo subsydzjeoanfraach? Wat wol de skoalle berikke mei dizze subsydzje? Hoe sille jo de skoalling/oplieding fan jo dosint(en) ynsette sadat it bydraacht oan in struktureel plak fan it Frysk binnen it ûnderwiis op jo skoalle?

Jo freegje oan foar **materiaal** fan de regeling Frysk Foar no en Letter. It maksimale subsydzjebedrach foar dy kategory is € 2.000,-

Koarte beskriuwing fan jo skoalle (maks. 150 wurden)	Beskriuw koart hoe't jo skoalle der út sjocht; hoefolle learlingen binne der, wat docht jo skoalle no oan it Frysk?
Fyzje op Frysk/meartaligens (maks. 100 wurden)	Wat is de fyzje op it Frysk/meartaligens binnen jo skoalle? Op hokker wize passe de oan te skaffen materialen binnen dy fyzje?
Oanlieding en doel (maks. 100 wurden)	Wêrom wolle jo dizze materialen oanskaffe, yn hoefier binne dy noch net of net foldwaande oanwêzich? Hoe sille jo de materialen yntegraal ynsette sadat it Frysk in struktureel plak krijt binnen it ûnderwiis op jo skoalle?

Jo freegje oan foar **kultueredukaasje** fan de regeling Frysk Foar no en Letter.
It maksimale subsidybedrach foar dizze kategory is € 2.500,- en foar reiskosten € 500,-

Beskriuwing fan jo skoalle (maks. 150 wurden)	Beskriuw koart hoe't jo skoalle der út sjocht; hoefolle learlingen binne der, wat is de situaasje fan it Frysk op jo skoalle? Yn hokker opsicht slute de aktiviteiten, dêr't subsidy foar oanfrege wurdt, oan by jo skoalle/learlingen?
Fyzje op Frysk/meartaligens (maks. 100 wurden)	Op hokker wize is de kultueredukaasje dêr't jo in oanfraach foar yntsjinje, ûnderdiel fan de fyzje op it Frysk/meartaligens binnen jo skoalle?
Oanlieding en doel (maks. 150 wurden)	Wat wol de skoalle berikke mei de kultueredukaasje, dêr't subsidy foar oanfrege wurdt? Hoe makket de aktiviteit dêr't jo subsidy foar freegje, ûnderdiel út fan it (besteande) kurrikulum Frysk op jo skoalle?

Jo freegje oan foar **frijroasterjen** fan de regeling Frysk Foar no en Letter.
It maksimale subsidybedrach foar dy kategory is foar foarskoalske opfang € 2.000,-, foar primêr en fuortset ûnderwiis € 4.000,-, en foar heger ûnderwiis € 5.000,-.

Beskriuwing fan jo skoalle en team (maks. 150 wurden)	Hokker saakkundichheid oangeande it Frysk/meartaligens is al oanwêzich binnen jo team? Hoe sille de aktiviteiten dy't útfierd wurde yn de frijroastere oeren, bydrage oan de saakkundichheid binnen jo team, of oan de posysje fan it Frysk op jo skoalle?
Oanlieding en doel (maks. 200 wurden)	Hoe sille jo de dosint/meiwurker ynsette sadat dat bydraacht oan in struktureel plak fan it Frysk binnen it ûnderwiis op jo skoalle? Passe de út te fieren aktiviteiten binnen it talebeliedsplan op de skoalle? Hawwe jo earder subsidy ûntfongen foar dit ûnderdiel, dan moatte jo yn jo plan oanjaan hoe't dizze oanfraach dêrop fierder giet. Sa kinne wy it duorsume karakter fan dit ûnderdiel fan de subsidyjeregeling evaluearje.
Ferantwurding fan oeren	Wat binne de aktiviteiten dêr't de dosint foar frijroastere wurdt en hoefolle oeren binne der nedich de aktiviteit? Heakje evt. offertes, planningen fan gearkomsten ensafh. ta.